

3410



nei klearder
KIMEN


Bibliotheek
atalogusnr.
50144
1944
TASA



TINKBOEK

BY IT 50 JIERRICH BISTEAN
FAN IT KOÖPERATYF
SUVELFABRYK „DE GOEDE
VERWACHTING” TO WARKUM





*Gebou stiet oan gebou yn swiid forbân.
Gâns greater is de opstal as foarhinne.
Hjir riisde, ta bihâld fan 't boerelân,
Oan tsjust're kym in nije en klearre sinne.*

IN WURDMANNICH MEI OP REIS

By it fyftichjierrich bistean fan ús fabryk wurdt in Tinkboek útjown. Dêr wurdt yn bisocht troch wurd en byld ien en oar wer to jaen fan hwat yn 'e forroune heale ieu oan wichtige dingen yn ús Koöperaesje foarfallen is.

Tekst en ôfbylding moatte foar harsels sprekke. Foar de âldere leden, dy't mei har saek meilibbe hawwe, sil dit boek net ienris folle nijs bringe. Mar út namme fan ús fabryksbistjûr wol ik it dochs in mannich wurden meijaen op reis.

Alderearst in wurd fan tank en hulde oan de pioniers, dy't binammen yn earder jierren fjochtsje moatten hawwe foar har bidriuw. Sûnder har opoffering en ideälisme soene de hjoeddeiske resultaten nea birikt wêze.

Fierders in wurd fan oantrún oan de jongerein ûnder ús. Dat hja har de lessen en foarbylden út it forline neinimme en oaneigenje meije en dat hja krektallyk as de âlderein yn it foarige har to skoar sette meije rounom dêr't it koöperative bigjinsel oanfallen wurdt. By einbislút wol dit boek ek in oantinken wêze oan it bisiik fan H. M. de Keninginne oan ús bidriuw, oan de ûnderskieding dy't ús Direkteur by dy gelegenheit tafalle mocht en oan de by útstek goed slagge jubileumfeesten. De Keninklike bilangstelling wie in hege eare, dy't sûnder mis alle leden as sadanich oanfield hawwe.

Freonen! Us bidriuw is trochsoun. Dat it dat oer alle boegen bliuwe mei oant yn 'e fiere takomst!



Foarsitter



*Hope en ferwachting krigen
 har gerak.
 Hja waerden yn gjin fyftich
 jier biskamme.
 De seylde seingert klimt oer
 goate en dak
 En flijt syn blêd om d' âld-biwende
 namme.*

POALSHICHTE

„Dy't him op glêd iis jout moat skerp ark hawwe”.

Hwat buterfebryk mut jo hê?” sei yn syn sjongsum Gaesterlânsk de chauffeur fan 'e Z.W.H.-bus nei myn fraech. „Mut jo bij it greate wêze of bij it lytse? D'r binne hir twa, sjoch!”

En doe, nei't ik him útlein hie dat it koöperative allinnich myn doel wie:

„O, dus it greate! Nou, dan dy kant mar opronne nei 't stasjon tè!”

It portier klapte ticht en de bus gounze wer fierder.

Midden yn it stedtsje Warkum stie ik. En hwa't midden yn Warkum stiet, sit fuortendaliks oan hals en earen ta yn 'e histoarje.

Oan myn rjochterhân riisde great en machtich de mânske Krústsjerke omheech. In pear wike fan tofoaren hie krekt in jierrenlange restauraesje syn bislach krige en nou, mei



de nije pinksterpronk oan, is dit ieuwenâlde monumint de gloarje en de greatskens Warkum, ja, fan 'e hiele Súd-Westhoeke fan Fryslân.

Allinne, men soe dy pracht fan in tsjerke in toer tawinskje dy't as boukunstich mas wurk net foar har ûnder die. En dat docht dizze toer feitlik àl. Hwant it koarte bakstien gefal dat der nou as in ôfknapte woartel njonken stiet, postuert der einliks mar min. Krekt in troude pearke dat hwat al to ryklik yn jierren skeelt en dat elkoar om it jild nommen hat.

Mar hawar, nimmen is lokkich dy't neat mear to winskjen hat. Dat jildt foar de minsken, dat hâldt ek foar in stêd. Sa is nou ienkear wrâld's birin.

Wrâld's birin! Dêr kin in stêd as Warkum, dat âlde séplak en hannelsintrum, ek wol foargoed fan meirate. Leed en lok, goed en noed is troch al dy ieuwen oer har hinne gien. Fortelle de skiere kroniken net dat de stêd Warkum foarhinne folle mear westlik lein hat, earne tusken Tessel, Flylân en de tsjintwurdige séwâl? Op it sté dus dêr't nou de weagen fan 'e Iselmar polskje. Op it plak dus ek, dêr't fan âlds „Wytse Watse Wever wenne”. Jo witte ommers wol, neffens it bikende tongbrekkersreltsje wenne Wytse Watse Wever West Warkum!

En forhelje de histoarjeblêdden ek net dat Warkum mei har beide susterstêdden Hynljippen en Starum in wiidforneamd plak west hat mei in tige drok hannelsforkear op 'e lannen om 'e Eastsé hinne? Hawwe hjir yn earder dagen ek gjin dryste séfarders wenne dy't de walfisk efter de boksen sieten yn 'e Noard-Atlantyske?

En hat Greate Pier hjir net ienkear syn oarlochshaven hawn? De foargonger fan dizze âlde toer moat er noch brûkt hawwe as útkykpost oer sé.

En bloeide Warkum letteroan net troch syn ielhannel op Londen, dy't selst om 1886 hinne noch yn 'e folle fleur wie? De alderâldsten ûnder de Warkumers hawwe der noch ûnthâld fan hoe't de ielaken op 'e Theems yn Ingelân it foarrjocht hiene fan frij oanlizzen. Dat privilezje hiene se sà krige. Yn keninginne Elizabeth har tiid hawwe de Warkumer séliuwen ris moedich meiskrept om yn Londen in greate brân út to krijen. En de iene tsjinst is op 't lêst de oare wurdich, dat sadwaende!

Och, sizze jo, dat is allegear tiden lyn en lang foarby. Hjoed-de-dei is it libben der út en heart Warkum thús by it rychje deade Sudersé-stedtsjes.

Ja, mar hou ris, lit ús dan earst noch efkes nei de stêd sels sjen! Dy sted mei syn âlde nearringen en hantearringen. Koe Warkum eartiids bygelyks net sa'n tsien, tolve kalkovens rikjende hâlde? Wiene der gjin skipshellingen, houtstekken en seilmakkerijen by de rûs? Wiene de Warkumer hantwurkslju (en boeren!) net organisearre yn machtige gilden? Ommers, de deadebieren yn dizze Krústsjerke tsjûgje der noch fan!

Ek dat is forgiene gloarje, sizze jo?

Ta in hichte al. Mar dochs forjitte jo in pear wichtige dingen.

Jo kenne fansels it Warkumer ierdewurk. Mar witte jo ek dat datselde ierdewurk hjoed-de-dei noch altyd in pûrbêste namme hat, net allinnich yn hiele Nederlân, mar ek fier dêrbûten, selst oant yn Noard- en Súd-Amearika ta? En dat de bidriuwen dy't dat kunstige produkt meitsje ek nou noch libje as in dartsje? Dat is dus gjin forgiene gloarje.



Mar jo forjitte noch hwat. En dat is de stêd Warkum as sintrum foar de boerestân. Ek dat is gjin skier forline, mar in stikje springlibben hjoed.

It biwiis? Lit ús hjir midden yn 'e stêd dat âlde Waechgebou ris goed op en del oansjen. De Waech. As in Warkumer dat wurd seit, wit elk hwat der bidoeld wurdt. It is dan ek net forgees it twadde pronkstik fan Warkumer boukunst.

En net om 'e nocht stiet it jiertal 1650 útbeitele yn 'e gevel.

Sechstjin-hûndert-en-fyftich!

Dat is trijehûndert jier tobek. Dat bitsjut — kin men feilich sizze — tolve boeregeneraesjes. En al dy geslachten boeren hawwe alle wiken weroan it kostlike wurk fan har hannen — de bûter, de tsiis — nei dizze selde âlde Waech ta fearn en riden. Fan âlder op âlder. Nei Hille Fokkes kaem Fokke Hilles en doe't Fokke Hilles de wurge holle dellei kaem der wer in Hille Fokkes Sa gyng dat yn foarspoed en by tsjinwier, by simmer en by winter, jierren, né, ieuwen lang

Ja, as men dy Warkumer Waech ris yn dit ljocht bisjocht, dan is it sûnder mear dúdlik dat dizze stêd jimmeroan de eagen nei twa kanten iepen hawn hat.

Nei de sékant, wisse, mar ek nei it lân!

Tûke sakelju en rekkenmasters moatte it west hawwe, dy Warkumers fan earder tiden. Hja wisten mar al to goed dat in fleurige boerestân om har stêd hinne ek tige yn har eigen foardiel wie. Dêrom bouden se in Waech. En as it wykmerk wie en it boerefolk út fiere omkriten opdage mei syn bûter en syn tsiis, dan wie dy Waech de lûkplaster foar elk dy't boer wie. Och, hwat sille ûnder de feilige kape fan dit âlde gebou net in tûzenen poun-tsjes ôfwoegen, keurd en forhannele wêze. Wurdt der net foar wier forteld dat dizze Waech in „evenaer” hie dy't yn ien kear wol 344 poun trest wie? Hwat sil dit bouwurk âldtiids net faken it ûnderwerp fan petear west hawwe yn mannich greidboershúshâlding! Nou stiet er dêr, lyk as syn âlde maten yn Ljouwert, Makkum en Dokkum: in stille tsjûge fan rjocht en billikheit, fan sifer en wicht, fan boerebistean en boeregemaek.

Mar al hat sa'n Waech nou syn funksje forlern as hoeder fan 'e skealjens sûnder wryt of slyt, al hat er ôfdien as mjitter fan fortsjinst en ynkommen, dochs hat Warkum noch net úttsjinne as agrarysk sintrum.

Nije tiden kamen ek oer dit stik fan Fryslân en sprieken it oardiel oer forâldere methoaden. Soe de bûter jild jilde, dan moast it roer om. En sjoch, rounom yn it lân fan 'e Friezen bigounen de fabryksskoarstiens to rikjen en forstoar it gebolder fan 'e tsjermole. It duorre dan ek net lang, doe smookte Warkum ek sa'n nijerwetske pipe.

En dy piip nou hie myn buschauffeur my oanwiisd, doe't ik nei it „greate” bûterfabryk fornommen hie. Nei dy fabrykspiip roun nou myn paed út it Warkumer stêdssintrum wei. Snoad bitocht, sei de skriuwer fan dizze rigels doe't er nei in tsien minuten rinnen foar it kompleks gebouwen stie, dat meiïnoar it Koöperatyf Suvelfabryk „De Goede Verwachting” útmakket. Snoad bitocht fan dy drege pioniers fan fyftich jier forlyn, om krekt op dit plak har fabryk to setten. It koe ommers net folle praktysker. Presiis op dy krusing fan wetter, dyk en spoar. De forhurde wei brocht elke molkrider droechfoets en hielhûds mei de gudzen op it fabryksterrein. En dan deun oan dy âlde Hoarse, de feart

dy't súd-del it Heidenskip yn rint en noard-op de Parregeaster en Ferwâldster kanten út. Wie der gaedliker farwetter foar de molkskouwen by 't simmer en geskikter glydbaen foar de molksliden yn tichte winters? En dat spoar Ljouwert—Staveren, oanlein yn 1883, dat in hoannestap fierderop lâns daveret, wie dat net àl sa'n maklik middel om de forwurke einprodukten de wrâld yn to krijen?

Ja, dy âlde boeren fan in heale ieu forlyn hawwe de sliep goed út hawn! De âlde boeren, jawis! Hwant hwat hjir nou sa geef en yn folle gloarje foar jin opriist: dy lange slanke fabryksskoarstien, dy solide smûkbigroeide direktieurswent, dat himmele administraesjekantoar dêrnjonken en dy mânske bidriuwsgebouwen dêrefter, — dat is it wurk fan . . . boeren! Fan deagewoane Súd-Westhoekster greidboeren. Oerpakesizzers en neiskaei fan dyselden dy't ienris har bûterfjirders en hjersttsizen nei de Warkumer Waech ta tôgen. Dy âlde boeren fan 1900 hawwe goed bigrepen hawn dat it ûrwurk fan 'e tiden net in omsjoch stean bliuwt. En dat de beakens, as it tij foroaret, forset wurde moatte.



Oer dy beakens en oer dat tij rekket de hear R. A. Bouma, de tsjintwurdige direkteur, op 'e tekst as wy justjes letter foar him oer sitte yn syn privé-kantoar. Skriuwmachines tikje yn it fortrek dêrnjonken. Frachtauto's ride ôf en oan troch de fabrykshomeije.

„Sjoch ris,” bigjint de hear Bouma, „ûs fabryk hat nou fyftich jier bistien en dat blide feit is hjir fierd mei sang en klang. Mar wy woene hawwe, dêr moast ek hwat fan biwarre bliuwe foar de neiteam. En de bêste foarm liket ús in tinkboek, dat opkomst en bloei fan „De Goede Verwachting” koart biskriuwt.”

Wy knikke en kinne der yn komme.


Deale, in heale ieu fan koöperatyf skreppen en krewearjen, fan opgong en krisis, fan oarloch en frede, dat is op 't lêst de muoite pine wol en liz dat fêst foar dyjingen dy't nei jin komme. En dit fabryk „De Goede Verwachting” is by eintsjebislút it greatste bûterfabryk fan Fryslân op dit stuit.

Dat wy skroeve de pinne al los foar in earste losse oantekening, as direkteur Bouma forfettet:

„Nou is ien ding spitich. De âlde garde fan 1900 hat in bidroefd bytsje op skrift brocht oer dy earste jierren. En de âldtsjes dy't de oprjochting noch meimakke hawwe, binne hast allegearre al wei. Hja tochten foarfêst hwat oars oer skriftlik fêstlizzen fan nijsgjirrige bysûnderheden as wy nou. Of foar 't neist prakkesearren se der alhiel net oer. Bisjoch dit mar ris.”

En de hear Bouma leit in âlderwetsk boekje foar ús del. Wy lêze:

Eerste Jaarverslag van de Coöperatieve Vereniging tot het oprichten en drijven van de Stoomzuivelfabriek „De Goede Verwachting” te Workum. It is fan it jier 1901. Net sûnder earbied



*Yn âlde boekjes wurdt de jierren lâns
Stêfêst biskreaun hoedat de saken wiisd
De leden, it bistjûr, de jildbalâns,
En hoe't troch kwaliteit de baten riisden*

en ûntsach blêdzje wy yn it boekje om. It is in tige koart en saeklik hâlden oersjoch fan hwat der dat earste jier yn en om de widze fan „De Goede Verwachting” bard is. De forskillende rubriken ris ocreagjende, komt men ledelisten tsjin en de bistjûrsbisetting, meidielingen oer de forsekeringen fan personeel, oer molkeforfier, fetgehalte en ynventaris. Men sjocht „Proefbalans” en „Exploitatie-Rekening” stean yn âlderwetske drukletters. Fansels, allegearre bilangrike saken dy't meinoar de rêchbonke fan it fabryk útmakken. Mar oer de eftergroun fan dat allegearre: de striid, de swierrichheden, de ynterne bernesykten fan de lytse harte gjin wurd.

Mar ja, hwat wol men ek! Dy âlde garde bistie fansels út mannen fan de died. Oanpakke en trochsette, dat wie har leuze en fierder net to folle spul en kâlde drokte. It skriuwen oer har offers, har mislearringen, har prestaesjes efter de skermen hawwe se mar stil oan ús, de letteren, oerlitten. Skriuwen is neat, mar dwaen is in ding, sa sille hja rekkene hawwe.

En der komt jin ynienen dat forhael yn 't sin fan dy âlde boer út Parregea dy't nêst sa'n fyftich jier ris útfanhûs soe nei famylje. Dy famylje wenne ûnder Harns. Mar om de iene of oare reden koe de âld man net in nacht fan hûs, dat de útfanhûzerij moast oergean. Hwat hy to dwaen hie? Hy sette de stap der ûnder, roun fan Parregea nei Harns en brocht de famylje it boadskip, omke koe net komme, sa en sa. „Och, mar omke hie him ommers dat ein rinnen wol bisparje kinnen”, sei de famylje. „Hie dochs efkes in brievekaertsje stjûrd!” „Ja”, sei de âlde, „dat is ek sa. Mar ik tocht sa'n brievekaert skriuwe dêr giet ek gau in dei mei fuort, dat ik rin der mar efkes hinne!”

Sjoch, sa hawwe de gearstallers fan dit foarste jierforslach der miskien ek oer prakke-sarre. En it hawwe ek noch goede Friezen west op dit stik. Hwant seit in Fries it neiste net, mar it alderneiste hâldt er foar himsels?

Wy lizze it forgiele boekje wer op it skriuwbureau fan 'e Direkteur en tinke ris nei. Foar it finster fan it kantoar dinderet in molkauto foarby fol blinkende fjirtichliterse.

Is it wol sa, dat der in bytsje biskreaun stiet oer de earste bernetiid fan dizze fyftichjierrige? Is sa'n drok bidriuw, is ien sa'n deadinkelde foarbyridende frachtauto net lyk as in iepen boek?

En boppedat, seit sa'n namme, dêr't de oprjochters har ûndernimming mei doopten, winlik net alles?

„De Goede Verwachting”. Rjocht en sljocht stiet it oan 'e foargevel skreaun, dyselde namme dy't de Fryske binnenskipper ek faek oan syn skûtsje joech. Sa'n namme is ommers as in flagge, moedich foarútstutsen yn in nije tiid. Der sit hwat yn fan hoop op seine, fan moedige striidberheit, fan fêste wissichheit dat de minske syn bêst dwaen moat, mar it fierders bitrouwend hat oer to jaen yn Heger Hân.




As wy in skoft letter de kant fan 'e stêd wer útbokselje, driuwt de reekplom fan De Goede Verwachting heech oer de griene greiden fan it Heidenskip. Yn ús aktetas sitte nou fyftich jierforslaggen. En yn ús hert is in waerm plakje kommen dêr't eat fan respekt wennet foar hwat op dit sté ienriedigens en oparbeidzjen ta stân brocht. Hwant ien ding hat men nou wol bigrepen. Sa'n fabryk is mear as in kolleksje fornimstige masinen of in fynútspoun, mar kâld technysk systeem. Der sit in stik bloedich bodzjen efter en in brok waerm en minsklik ideälisme.

Né, ús reis nei Warkum hat gjin poaltocht west!



*De molke kaem almeast oer 't wetter oan.
Noedlik de reizen dy't de farder makke!
Mar wie de reyn him méi by joun of moarn.
Dan wie 't in kriich, hwaens seil it earste sakke!*



STAP FOAR STAP

„Dy't rispje wol, moat op 'e tiid siedzje”.

Doe't om 1900 hinne in espel greidboeren yn 'e omkriten fan Warkum de oprjochting fan in nij bûterfabryk yn him omgean liet, wiene de tiden al wer in krom gunstiger as tsien, tweintich jier fan tofoaren.

De greate lânboukrisis, dy't foaral yn 'e tachtiger jierren op mannich boerebidriuw en yn mannich boerehûshâlding sok raer wurk makke hie, wie in hiel ein hinne oerwoun. Der kaem wer in streekje ljocht oan 'e kimen fan it boerebistean. Der kaem wer mear aerdichheit oan it buorkjen. Oerwoun foar in great part wiene ek de tsjinsin en de erchtinkendheit by gâns boeren as it gyng oer „dy fabriken”. De bititeling „fabryksboer”, dy't yn it earstoan folle wei hie fan in forachtsume skelnamme, krige langer in hiel oare ynhâld: dy fan respekt, krigelens, foarûtstribjendheit. Al mear en mear waard ynsjoen, dat hwat earst sa swartgallich neamd wie „it earmhûs fan 'e boer”, wolris in middel wêze koe foar de boerestân om út 'e pogge to reitsjen.

Hiene yn 1886 net trije-en-tweintich wetterlânsboeren dêr yn Wergea de foarstap nommen en yn koöperaesjeforbân it earste suvelfabryk ta stân brocht? En wiene neittiid net rounom yn Fryslân, to Stiens en to Mitselwier, to Roardhuzum en to Easterwâlde, koöperative fabriken, dy't dus fan 'e boeren sêls wiene, as poddestuollen út 'e groun sketten? Wis, dy ûndernimmingsen wiene noch mar de bihindige kant neist en stiene almeast yn 'e klacibouhoeke, dêr't it type mingd bidriuwer oerhearske. Yn dy bouhoeke koe men ommers mei lytse fabrykjes ta. Dêr wie it risiko ek lytser omdat de boufruchten it gemaek fan 'e boeren mei foarmen.

Sa net, ek yn 'e greidhoeke wie it ûnderwilens al los gien. Yn Koudum, yn Haskerhoarne en op folle plakken mear stie al in jiermannich in koöperatyf bûterfabryk. It wie al safier hinne, it tal suvelkoöperaesjes yn Fryslân roun by de ieu-wiksel al oer de sawntich. En boppedat, wie der trije jier forlyn yn 1897 net oprjochte de „Bond van Coöperatieve Zuivelfabrieken in Friesland”? Rounom tilde it op fan nije initiativen en fan warber stribjen op it boeremêd om de klok lyk to krijen.

It hie nou njonkelytsen wol klearrichheit, de âlde methoaden koene it net mear hâlde tsjin de nije. It fan âlder op âlder oanlearde bûter- en tsuismeitsjen op 'e pleats sêls moast bilies jaen tsjin technyske foarútgong en wittenskiplike fabrikaezje. Dêrby, de maetskippij gie syn gong, dêr wie gjin forwin op. De Fryske boer moast leare fierder to sjen as de eigen homeije. Soe ús bûter syn foaroanplak op 'e machtige Ingelske merk wer weromwinne, dan moast de kwaliteit omheech en soe it foarbyld fan Denemarken — dy swiere konkurrint — folge wurde moatte.

Né, it âlde bitroude gebouns fan 'e tsjermolen op 'e boerepleats klonk langer net folle boeren mear yn 'e earen as takomstmuzyk. It skuorde net út, soe agrarysk Fryslân by de tiid bliuwe en net yn earmoed en tobekset ûndergean, dan moast it de kant op fan it nije.

De biswieren dy't tsien, tweintich jier foartiid guon boeren hieltyd wer bybrochten, jammerklachten, dat de keallen net dije soene fan 'e tinne fabrykssûpe, dat it frouljusfolk

*Net folle is fan 't earst gebou mear oer.
Mar 't foarfront bleau allyk yn al dy tiden.
In sinryk byld: haw' leden en bistjûr
Op 't selde front net fyftich jierren striden?*





*Nijmegen is gjin doarp fan great bistek:
 In sober hûf mei hweat forsprate stêen.
 Mar 't sicht is sciid oer bûtlân en oer Brek.
 De loften heech, de minsken hawwe idêen.*

op 'e pleats mar lui wurde soe en it ûnnut op in groeijen sette, dat de molkpriis fêststeld wurde soe neffens in ienheitspriis en net nei skjinnens en deugdlikens, — al dy lûden stoaren allinken mear en mear wei.

Om 1900 hinne is yn boereholle en -hert it pleit foar it nije fabrykswêzen in stikhinne bisljochte.

Der kipe lykwols in oar en driuwend fraechstik om 'e hoeke fan 'e doar. It wie dizze fraech: sille wy opbou, organisaesje en bihear fan in fabryk oerlitte oan treden of wurdt it de baes dat wy as boeren meiinoar gearstappe en sêls fabriken stiftsje? Der wie reden ta dy fraech.

De partikuliere ûndernimmers hiene nammentlik yn dy earste oergongsjierren net stilsitten. Al yn 1882 — fjouwer jier foar Wergea dus — hie in partikuliere maetskippij to Snits en to Boalsert foar eigen rekken fabriken oprjochte. Dat wiene foar dy tiid moai greate ynrjochtingen mei navenant in fikse forwurkingskapasiteit. En krekt yn 'e Greidhoeke

hie men — oars as op 'e Hege Klai — driuwend forlet fan greatere fabriken. Mar dat bitsjutte fansels dat men op hegere kosten jage waerd. It bidriuwskaftael foar sa'n fabryk liigde der net om. En teffens hie dat yn, dat men as boeren frijhwat op jins hoed en need naem.

It bigryp koöperaasje hie doedestiids noch lang net dy brede idéle ynhâld lyk as yn letter jierren; it koöperaasje-idé wie noch net útgroeid ta in maetskiplik en seedlik bigjinsel. Hokker kant sille wy út? Dy fraech waerden nou ek de boeren ûnder Warkum foar set, doe't hja goed fyftich jier forlyn op in nij fabryk oan woene.

Partikuliere ûndernimmers hawwe soms in fine noas. Ien fan harren krige de lucht fan 'e plannen dy't hjir en dêr libben. Hy reizge in mannich foaroansteande boeren ôf en sei: „As jimme goed sizze foar f 30.000, dan sil ik fierder foar eigen bûse in fabryk sette litte.” Fansels, party boeren lieten nei dit útstel it ear wol hingje. De tiid dreau ommers, der wie gjin tiid to forliezen, der moast foroaring komme. De helte fan dy som wie dan ek ridlik gau byinoar. Mar doe sakke hommels it waerglê in hiel ein. De ûndernimmer hie moai grif sa'n myld reintsje net forwachte en wie forfêst binaud dat de boeren op sa'n manear tofolle sêls baes bliuwe soene op syn fabryksterrein. Hy klaude tominsten tobek, sei fierders alle jildlike bydrage fan boerekant ôf en boude yn 'e kompe mei in pear oaren in fabryk út eigen middels.

It like doe fierder in útmakke saek to wêzen dat Warkum in bûterfabryk hie dat yn partikuliere hannen siet. De boeren leveren, it fabryk bigoun to draeijen en de direksje fortsjinne. In normale gong fan saken dus. Sûnder mis, yn technyske sin wie de nije ûndernimming foar Warkum in stap foarút. Der kaem dan ek gâns flecht op 'e koai fan leverânsiers, hwant de boeren moasten de molke dochs kwyt. It bigoun de iene direktuer hast stûf genôch to wurden mei de klandyzje, mar syn kompanjon, dy 't de strou net om in aei bidjerre woe, sei: „Noait gjin molke ôfsizze, dan mar minder útbitelje!”

Soks wie de boeren om Warkum hinne fansels mar min nei de mûtse. Hja hiene op oare plakken om har hinne op 't lêst foarbylden genôch dat it ek wol oars koe. „Boerefabriken” wiene der yn Fryslân al by 't seksje oprjochte. En de koöperative ûndernimmingen joegen goede — ja bettere — útkomsten as de oaren.

Dat hwerom wy net? Gyng der net in forhael fan in partikuliere fabrikant earne, dy't sa bêst „buorke” dat er de iene boerepleats nei de oare opkocht? Wankte hjir net in great gefaer? Ditte: dat de Fryske greidboer skielk praktysk de setmeijer en de lytsfeint wurde koe fan in fabryksdirektuer, dy't it — fansels fan syn kant mei rjocht en reden — allinne mar om in folle ponge to dwaen wie? Wie it net folle better dat de boer sels de leije krige? Hoe moast dit komme?

Doe kamen der nije útwurke plannen op 'e tafel. Der soe in fabryk komme moatte dat allinne de boerebilangen tsjinne. Kundige mannen lyk as Riemer Veeman en Theo M. Th. van Welderen baron Rengers reizgen nei Warkum en stiene by mei rie en die.

Yn it earstoan foel it each op it doarp Ferwâlde as plak dêr't de fabryksgebouwen forrize soene. Mar letter rekke dit plan wer fan 'e baen. Woe men in modern fabryk hawwe, dan wie Warkum, dat oan spoar en wetter lei, it oanwiisde sintrale plak. Mar party Ferwâldster

meidoggers wiene dêr wer pûr op tsjin; hja setten de hoarnen yn 'e koöperaesjewâl en woene net mear meidwaen. In lilke tobeksetter foar sa'n foriening yn oprjochting. Mar al gau stiene de skealjens wer yn 'e like, hwant nou sprongen der daliks in mannich Heidskipster boeren by, dy't uteraerd mear fielden foar Warkum as stiftingsplak as foar it foar har ôfhandich lizzende Ferwâlde.

Lykwols, der soe noch hiel hwat wetter troch de âld Hoarse rinne moatte, foardat alles yn kalk en semint wie.

Der waerd nou oanstjûrd op it bouwen fan in fabryk dat de molke fan 1500 kij forarbeidzje koe. Wie der fan boerekant tasizzing fan op syn minst 800 kij, dan woe men de fabryksbou noedzje. Nei gâns geïggewear en gehakketak krige men dy 800 kij op 't lêst yn 't boekje, dat nou koe it dan einlings-en-to'n-lêsten oangean.

Op in Jannewarisdei fan 1900 ûntbea notaris Tjebbes fan Warkum de boeren dy't tasein hiene op syn kantoar. De Akte fan Oprjochting fan 'e Koöperative Foriening soe tekene wurde. Mar sjochdêr, op 'e nij kaem der in kinkel yn 'e keat. In pear fan 'e greatste boeren lutsen har ynienen werom. Har motiven? Wol, as hja nou lid fan 'e nije koöperaesje waerden, hwer moasten se dan mei de molke hinne salang't har fabryk noch net draeide? De partikuliere direkteur fan it fabryk dêr 't se nou oan leveren, soe har ommers de „gunst” opsizze kinne! Né, hja aventûren dit net! Wol in biwiis dus dat it bitrouwen tusken boer en partikuliere fabrikant nou just gjin sprekken lije koe.

Mar ûnderwilens, dêr stie Notaris nou mei syn akte en syn klearleine skriuwpinne! In nij bisprek folge dyselde deis. En op it lêst wie it ien fan 'e boeren, Mebius Brandsma, dy't de punt der ôfbiet en ornearre: „My tinkt, mannen, as it mei 800 kij kin, dan kin it grif ek mei 750!”

Dat moedige wurd joech dan op it lêst de trochslach. De middeis om fjouwer ûre fan dy 5e Jannewaris 1900 wie it dan einlings safier dat de Akte passearre wurde koe.

It moat dêr op dat eptige notariskantoar in plechtich momint west hawwe, doe't trije-en-tweintich boeren har hân setten ûnder in stik papier, dêr't om sa to sizzen de takomst fan har en har bern fan ôfhong.

It wiene moedige trochsetters en drege pioniers dizze earste trije-en-tweintich leden fan de

„Coöperatieve Vereeniging
tot het oprichten en drijven van de Stoomzuivelfabriek
„DE GOEDE VERWACHTING”
te Workum”.

Har nammen meije wol mei goudene letters oan 'e balke. Hjir folgje se:

DE 23 OPRJOCHTERS


S. J. IJBEMA
 FERWALDE
T.J. S. WESTENDORP
 HEIDENSKIP
S.J. VALLINGA
 HEIDENSKIP
ST. A. ELGERSMA
 ALDEDYK
A. A. DEMMER
 WISKE
A. J. LOOTSMA
 WISKE
D. D. VAN DER WERF
 WARKUM
A. P. VELTMAN
 HEIDENSKIP
O. HOSPES
 HEIDENSKIP
H. S. VAN DER MEULEN
 HEIDENSKIP
D. L. SCHAKEL
 HEIDENSKIP
J. POSTMA
 HEIDENSKIP

S. Y. STERKENBURG
 FERWALDE
M. A. BRANDSMA
 HEIDENSKIP
G. KETELAAR
 NIJHUZUM
T. WIERSMA
 WISKE
A. S. ELGERSMA
 HEIDENSKIP
S. M. SCHOTANUS
 WARKUM
U. F. VENEMA
 HEIDENSKIP
R. R. HENDRIKSMA
 NIJHUZUM
P. KUIPERS
 WARKUM
H. GERRITSEN
 HEIDENSKIP
IJ. HAITEMA
 FERWALDE

It bouwen fan it nije fabryk naem fierders de hiele simmer yn bislach. En hwer't de beide twivelders op 'e oprjochtingsgearkomste foar omlizzen gien wiene, kaem presiis sa út. Doe't it bikend waerd hokker boeren har foar de nije koöperaesje opjown hiene, krigen dy oanskriuwen fan 'e partikuliere ûndernimmer dat hja foar har molke mar in oar hinnekommen sykje moasten.

Dat wie in rare tûkelteam, hwant it nije fabryk wiene de founeminten noch mar pas fan lein en bûtermeitsje op 'e pleats koe neat mear wurde. Hoe soe dit skiep skeard wurde? Mar sjoch, it bifreone koöperative fabryk fan Koudum naem de molke fan de Warkumer koöperators salang oer, al wiene de swierrichheden fan forfier ensf. dan ek great.

It hat grif in momint fan greate blydskip west doe't De Goede Verwachting op 'e 4e Oktober fan dat histoaryske jier 1900 einlings yn it wurk set wurde koe. Doe't it greate swangrêd yn 'e masinekeamer foar it earst bigoun to giseljen, sil mannich hert fan mannich



*Allingawier leit iensum, út 'e reek;
De stompe toer is âld, mar in gewearden!
In wachter oer in warb're boerestreek
Dy't ropt de libb'nen en biliedt de deaden.*













boer-leverânsier wol efkes rêd-der slein hawwe. Wis, der wie reden ta blydskip en ta goede forwachting, mar yn folle dingen wie it dochs noch ôfwachtsjen oft it slagje soe of net. Lykwols, ien ding joech goede hope. De organisa-toaryske opset wie geef as kryt. Hie men gjin tûke mannen oan it roer? Wie de nij oanstelde bihearder net in kundich man dy't foartiid oan it Koudumer fabryk gâns ûnderfining opdien hie?

En wie dernet in lieding dêr't boeren yn sieten, hwaens nammen boarch stiene foar in reedlike en earlike gong fan saken? Bihalven in bistjûr bisteande út fjouwer man, to witten: *S. J. Ybema*, foarsitter, *St. Elgersma*, vice-foarsitter, *Tj. Westendorp*, skathâlder en *G. Ketelaar*, algemienforfanger, hie men út 'e obligaesjehâlders ek noch in trijetal Kommissarissen bineamd bisteande út boeren en boargers, namment-

lik: *M. K. Hylkema*, *M. A. Brandsma* en *F. A. de Boer*, dêr't notaris *C. Tjebbes* as plakforfanger oan tafoege wie. Ja, de organisaesje siet sterk en stevich mei pin en gat yninoar lyk as it byntwurk yn 'e âlde Fryske pleatsen. Letteroan, yn 1919, is de pleats hwat fortimmere. It kolleezje Kommissarissen waard opdocht en it Bistjûr útwreide ta sawn man.

Underwilens dijde de jonge ûndernimming oars mar skoan. Al ridlik gau rekke it boike troch pokken en mûzels hinne.

Wie men yn Oktober út ein set mei 25 leden dy't meiïnoar de molke fan krekt 766 kij leveren, oan 'e ein fan it foarste boekjier wie dat tal mear as fordûbele. Der stiene doe al 62 leden ynskreaun en alle dagen floeide de molke fan 1542 kouwejaren op De Goede Verwachting ta. Dy sifers wounen de jierren lâns hieltyd mear oan. It biwiis leveret it folgjende steatsje, opdippe út âlde jierforslaggen:

1900—01		 10 LEDEN IS IEN FIG.	62
1904—05			77
1909—10			101
1914—15			114
1919—20			120
1924—25			126
1929—30			163
1934—35			193
1939—40			201
1944—45			223
1949—50			228

Ut de kâlde sifers springt daliks de libbene waerme wurklikheit en de waeksdome fan it Warkumer fabryk nei foaren.

Dy rêdde groei kin faeks ek noch bliken dwaen, oan in oar, skynber lyts ding. It sprekt fansels dat it personeel him ek útwreide. Yn it begjin hie men mar tsien man yn it wurk, mar nei it earste jier wie dat tal al tweintich wurden. En as men dêrnjonken de foto leit fan it personeel by it 50-jierrich jubileum, dan komt dat lyts begjin noch sterker út. En dat der yn fyftich jier gâns foroarje kin sjocht men nea skerper as men lêst dat it wyklean fan *masinist*, *tsiismakker*, *bûtermakker* en *centrifugist* dat earste jier net greater wie as resp. tolve, tolve, tsien en njoggen goune, wylst it oare personeel net heger kaem as acht goune wyks.

De taek fan 'e bihearder wie ek in bytsje oars as letter tiden. It Bistjûr wie ynskeakele by de propaganda nei bûtenút. Foaral de earste foarsitter, de hear S. J. Ybema, hat stikken wurk forset foar de nije koöperaasje. Altyd weroan teach er to fjilde om nije leden to winnen, rounom stie er op 'e bres as der hwat forkeard drige to gean. „Zijn ijver was



onovertreffbaar; moeite noch tijd heeft hij gespaard," stiet der mei waerne wurden yn it jierforslach fan 1926. Sa net, De Goede Verwachting hat foar en nei gâns in rige fan warbere wrotters en oertsjûge koöperatoaren yn har bistjûr hawn. Lit ús harren in plak jaen op 'e earetribune mei de jierren fan kommen en gean der by.



* S. J. YBEMA	FERWALDE	1900 — 26 *
ST. ELGERSMA	WARKUM	1900 — 11
TJ. WESTENDORP	HEIDENSKIP	1900 — 14
* J. S. HAAGSMA	WARKUM	1911 — 46 *
G. KETELAAR	NIJHUZUM	1914 — 26
M. A. BRANDSMA	HEIDENSKIP	1919 — 23
* H. VAN DER GAAST	HEIDENSKIP	1919 — 35
S. M. SCHOTANUS	WARKUM	1919 — 34
J. N. VAN DER ZIJPP	WISKE	1919 — 29
D. D. VAN DER WERF	WARKUM	1923 — 40
A. KRAMER	GAEST	1926 — 33
G. HEERES	WISKE	1926 — 28
H. M. HYLKEMA	HEIDENSKIP	1928 — 42
T. WIERSMA	WISKE	1929 — 34
JOHS. GALAMA	TSJERKWERT	1933 — 41
A. S. BAJEMA	FERWALDE	1934 — 45
M. VAN DER ZIJPP	WISKE	1935 — hjoed
L. J. KAMPEN	HEIDENSKIP	1935 — 48
G. KETELAAR	NIJHUZUM	1940 — hjoed
W. WESTENDORP	HEIDENSKIP	1941 — ..
W. TIJSMA	WARKUM	1942 — ..
* D. S. BOKMA	FERWALDE	1945 — ..
H. S. SCHRALE	SKUZUM	1946 — ..
E. VAN DER VALK	EKSMOARRE	1948 — ..

* binne foarsitters
* doe earelid

FOTO'S FAN BOPPEN OF:
YBEMA, HAAGSMA, VAN DER GAAST, BOKMA.

Sa rekke dan it nije fabryk stadich mar wis op 'e glead. Gjinien fan al de tsjustere foarsizzingen, dy't pessimisten en tsjinstanners oer har útsprutsen hiene, is neikommen. Al steviger en fêster waerd it plak dat Foriening en Fabryk ynnamen yn it gehiel fan de machtige koöperative lichems dy't Fryslân yn letter jierren ryk wie. Sa socht De Goede Verwachting oansluting by:

IT BOUN FAN KOOPERATIVE SUVELFABRIKEN TO LJOUWERT

IT KOOPERATYF KONDINSFABRYK „FRIESLAND” TO LJOUWERT

DE KOOPERATIVE SUVELBANK TO LJOUWERT

IT KOOPERATYF KLEURSEL- EN STRJEMSELFABRYK TO LJOUWERT

IT UNDERLING BOEREFORSEKERINGSFOUNS TO LJOUWERT

SOUNHEITSTSJINST FOAR IT FE TO LJOUWERT

IT BUTERKONTROLESTATION TO LJOUWERT

IT TSIISKONTROLESTATION TO LJOUWERT

DE BOERELIENBANK TO WARKUM

It soe to fier gean fansels om alle lotgefallen fan ús fabryk oer fyftich jier wiidweidich to fortellen. Wy hawwe noch al lang stilstien by de earste tiid fan bistean. En dat is goed. Hwant it forjit sa maklik en sa gau hwat dy pioniers dy't it earste en dus dreechste wurk dwaen moasten, foar ús, dy't letter kamen, dien hawwe. Har bodzjen en stribjen mei by de jongerein nea forgetten wurde. Hja hawwe de wei fluorre dêr't koöperatyf Fryslân letter lâns koe. Stap foar stap hawwe hja it paed sljochte dat roun nei de forheffing fan de boerestân. Dat dy wei him net dea roun, is har wurk.




*Sa'n Heidenskipster is gjin misfatsoen.
Skonken as stilen en de rêch in barte.
It skaai fan dizze eedle kampioen
Sit al oer mannich fêbislach forparte.*


BIDRIUWSOERSJOCH

(O M D E F I I F J I E R)

FORARBEIDE KILO'S MOLKE




UTBITELLE MOLKPRIIS DE KILO YN SINTEN



 IEN FIGUER IS IEN MILJOEN KILO MOLKE

 IEN FIGUER IS IEN SINT

PERSINTAEZJE FET TROCHINOAR



1900 1904 1909 1914 1919 1924 1929 1934 1939 1944 1949
 | | | | | | | | | | |
 1901 1905 1910 1915 1920 1925 1930 1935 1940 1945 1950



*Sok fê? In skilderij fan kop ta tean!
Hwat is der sierliker en hwat joarnamer?
De bloei leit op it jaer en fearn by fearn
Stiet stîf en spand en freget om 'e amer.*

IN RINNEND WURK

*„Dy 't oer in balke springe kin,
hoecht oer in strie net to stroffeljen”*

Op skoalle hiene wy foarhinne in learfak, dat hiet „menskunde”. Foar de klasse kaem dan sa'n plaet to hingjen mei dêrop de lânstrochsné fan it minsklik lichem. It wie in fornimstige foarstelling fan senuwen, bonken, spieren en slachieren. Dy skoalleplaet komt jin ûngemurken yn 't sin as men foar it earst ta sa'n gebou fan „De Goede Verwachting” yn panderet. As treinreizger tusken Ljouwert en Staveren hat men it greate fabrykskompleks fansels fakernôch foarbyskouwen sjoen. Simmerdei yn 't fûle sinneljocht en op iere winterjounen yn in sé fan 't elektrysk. Mar hoe hiel oars komt alles jin oan, as men der mei de noas boppe-op stiet.

Om jin hinne ien great en yngewikkeld stelsel fan dofmatalen buizen, glimmende silinders, drippende kranen en folrinnende bakken. Apparaten, dêr't jin as leek de bidoeling en funksje fan ûntkomt, gnyskje jin earst net botte freonskiplik oan.

Mar ien ding wurdt jin àl ridlik gau dúdlik. Der binne hjir twa, dy't foar master opslane yn sa'n fabryk. Men soe se neame wolle: menhear Technyk en mefrou Hygiène.

De earste sprekt yn alle ôfdielingen syn machtich wurd. Alles draeit, biweecht en giselet op syn heech bifel. Mar ek de twadde spilet net swak by. It is har wurk dat alles yn 't rounom sa skjin is as sulver. It is har ûnsichtbere hân dy't oeral mei wetter east en docht. Komt der bygelyks in molkfarder yn, dan hjit dizze eptige dame him, dat er njonken de útdoar earst syn learzens ôfspiele moat. En soene de boksebaitsjes fan 'e arbeiders sûnder har regear wol sa hagelwyt wêze as nou? Ek de brânskjinne bitegelingen fan muorren en flierren hat dizze kreaze en kekene albistel grif de hân mei yn.

In oar ding, dat men ringen troch hat, is ditte: efter sa'n glêd rinnend bidriuw moat gâns in stik minsklik organisaesjetalint stykje. Op it earste each mei dat lykje fan net en hat sa'n fabryksynterieur hwat wei fan in eamelersnêst, dêr't elk op eigen houtsjen mar hwat omskrept en wrot. Mar al gau wurdt it jin klear: alles hat hjir sin en doel. Hjir wurdt gjin stap om 'e nocht forset, gjin hantaest forgees dien. Elk wit syn plak en ken syn taek. Mocht men dat nei in healûre noch net leauwe, dan meitsje de rigen steatlike sifers op swarte buorden jin dat wol dúdlik. En oars de triljende wizers wol op alderhande apparaten of de skaelfordielingen en waermtegraedmjitters hjir en dêr. En dan hat men noch net neamd it ienlûdich en solide gegouns en gebrom fan masinen en motoaren. Jawis: hjir fiere oarder en regel de boppetoan!

Sa stiet men dan earst hwat to wiisgearjen by

de ûntfang

en hat jins niget oan de ôf- en oanridende molkauto's, dy't hjir har kostbere wite fochte



*Hwa 't Hylpen seit, tinkt oan 'e eard're sé,
Mar oan 'e lânkant weidet tierich fé.
Oan âlde dracht, oan tael, oan har dy't foeren.
Brewinners foar in poarsje tûke boeren.*




*Hjir komt de molke oan oer dyk en feart,
Earst moat de grounstof munstere en woegen,
Hoe handich wurdt sa'n folle kanne keard!
Gjin wurk foar sleauwen en gjin pré foar slûgen.*

losse. Hoe linich wurde de bussen net omkipt yn 'e bak fan it weachappaet! En hoe hânsom wurde de lege fjirtichliterse net op 'e kop set om út to drippen! In goede melker seit: de lêste drip is de bûterknip. Mar hjir ek hat dy lêste drip syn wearde en giet net forgees wei. Hwant al dy drippen byinoar foarmje deis noch in puozze molke fan 170 mingel! En dan to bitinken dat hjir jiers boppe de tweintich miljoen kilo molke oer dizze „toanbank” skoud wurdt!

Fan dizze ûntfang nei

de tsjerne

is mar in hoannestap. Mar houris, is de wei fan grounstof nei einprodukt sa koart? Né,



*Sa'n tsjerne jout in klute as goud sa giel.
Hoefolle broggen kin men hjir mei smarre!
Fyn as in ûreurk rint elk ûnderdiel.
Gjin kerl wurdt wei, de sûpe bliuwt bicarre.*

de molke sels moat in gâns langere wei ôflizze. As men dan foar dy greate metalen silinder stiet, dy't fleurich om in horisontale as draeit, dan tinkt men efkes yn stilte tobek oan sa'n âlderwetske boeretsjernherne, dêr't de boerinne alearen in goat waerm wetter troch it tsjernelid geat as de bûter net klûtsje woe. Dat wie routinewurk dêr't oerliz en ûnderfining by to pas kaem!

Nou docht de masine dat wurk, mar likegoed moat it minskeforstân der foargood by! De bûtermakker klompket op jin ta en fordútst jin, dat dit systeem tsjerne, dûbelwandich en sûnder walsen, it nijste fan it nijste is en better foldocht as de teakhouten fabrykstsjerne fan foarhinne. Dizze leveret yn ien kear tsjernjen — in tsjernt neamden de âlde boeren dat — sa'n foech tûzen poun bûter op.

Us reis troch it fabryk giet al wer fierder. In izeren treppen op en men stiet yn

it tanklokael


Us gids yn dit doalhôf, de assistint Beetstra, wiist nei in pear apparaten dy't er bititelet as plaetkuollers. Hjir hat dan de grounstof efkes lins, foar't de fierdere biwurking oangiet. Hwant yn dizze selde romte falt it each op seis rjochtop steande silinders, ûnbidich great. It docht jin gjin nij, dat yn elkmis tsientûzen mingel molke opslein wurde kin. Flak hjirneist leit

it sintrifúzjelokael


Trije sintrifúzjes, de moderne forfangers fan de âlde molkaden, skiede de fette reamme fan it oare focht. Dy reamme komt tolânne yn 'e trommelpasteur, dy't de bitûfte en goed ûnderleine Denen útfoun hawwe. Oer de ribbels fan 'e reammekuoller wurdt de waarmtegraed fan 90 graden op 12 graden brocht. Njonkelytsen komme wy torjochte yn

it reammetaklokael,


dêr't fjouwer tanks steane fan elkmis 3500 liter, kreas as soldaten yn it gelid. Hjir stiet de reamme in nacht to suorjen, foardat it troch de buizen nei de tsjerne rint, dêr't wy niis al west hawwe. Elke tank is fan emaille en fan binnen elektrysk forljochte. In rierwurk soarget der foar, dat de substânsje goed mongen wurdt. Mar wy buorkje stadich fierder en justjes letter steane wy yn



*En is de tsjokke reamme ienris woun,
Dan komt de opslach yn in stille herne.
Yn sa'n silinder wurdt it molken roun,
Wachtsjend op ôffier nei de bûtertsjerne.*



*Yn 't tanklokael is rêst, is 't plechtich hast.
Hjirhinne moat de molke earst forhúzje.
En hwat de reampetiel foarhinne moast.
Dat docht — en better! — nou de sintrifúzje.*



de tsiismakkerij

Hjir kin ek de domste leek it folsleine proses fan it tsiismeitsjen foar syn eagen ôfspyljen sjen. Fiif lange, ovaelske tsiisbakken dêr't elk mis fiiftûzen liter molke yn kin, folje de greate romte. Ien bakfol molke bitsjut sa'n 580 kg tsiis. Elke healûre rint der in nije bak fol. Is dat klear, dan bigjint nei in setsje it snijen. Mar tink nou net dat knyft en breames dêr oan to pas komme. Twa fjouwerkante roasters meitsje draeiende biwegings troch de wite floeistof en skouwe dêrby stadich fan 'e iene ein fan 'e bak nei de oare.

De twadde biwurking is dan it strjemmen. In kwantum strjemsels wurdt oan de wite massa tafoege en dan lit de tsiismakker sa'n bak in healûre oan syn lot oer. De griene waei skiedt him ôf fan 'e oare substânsje en dan folget de tredde biwurking. Hjir wurdt de ûnmisbere minskehân wer by ynskeakele. Dit hjit it ôfstekken. De redsume tsiismakkers bûge har oer de metalen bak en wrotte de tsiisstof nei de iene ein, towyl de waei oan 'e oare ein ôffloeit. Mei in heal each is wol to sjen dat dit routinewurk is. Hwant ear't men der erch yn hat is de biwurking wer yn in oar stadium kommen. Teakhouten bûterfetsjes wurde oantôge, de tsiismassa wurdt kreas yn kantige blokken snien en nou bigjint it sa-neamde stopjen. Yn elk fetsje wurdt in trilderich blok tsiis treaun. It kantige blok foeget him stadichoan nei de rone binnenkant fan it fetsje. Efkes letter komt de tsiisdoek oer it fetsje hinne en wurde de takomstige tsyskes kreas as lytse tatebern yn 'e ruften lein, foar't de tocht nei it parselokael oangiet. Simmerdei, fornijt ús gids ús, kin der sa'n fyftjin bak molke forarbeide wurde. Elke bak komt dan dus op sa'n dei trije kear fol en leech. Sa'n

parselokael

is yn it earste oankommen mar hwat in wreedaerdich gefal. Under twa-en-fjirtich izeren parsen wurde de ruftebern fan niis kreas opinoar steapele en sûnder mijenens ûnder druk set. En dy druk is mar leafst seis-en-tritich kear sa swier as it gewicht fan dy harterkes sels. De tiid fan sa'n marteling duorret net koarter as fjouwer ûren. Dan earst wurdt de boel wer losdraeid en de tsiisrânnen dy't tusken lid en fetsje útprotte, wurde der ôfsnien. De doek komt „ûnderwei” en de poppe wurdt op 'e kop yn it fetsje avesearre. Mei in fakterm neamt men dat „omrinnen”. Dit proses duorret tolve à fjirtjin ûren. Dan giet de libbensreis fierder nei

it pikellokael

Dat fortrek is suver in foech swimbad yn it lyts. Yn greate bakken mei pikelwetter driuwe de hûnderten tsyskes. Sa'n fjouwer dagen duorret dy baeijerij, dus gjin niget dat se dan wakker wyt om 'e noas binne. Mar it offisjeel foarskreaune tsiismerk sit dan al kreas op 'e rone kopkes bibakt.

Fansels wurdt sokke tsiis ek op kwaliteit en fetgehalte kontrolearre. In tsiis dêr 't „Volvet




*Sûnt Greate Pier yn Warkum's haven lei,
Witte se hjir fan bûter, brea en tsizen.
Mar seach de man sa'n tastel hjoed-de-dei,
Syn hert stie stil, it holwurk rekke yn tizen.*

Holland” mei searyletters en tabihearren op stiet moat oan ’e easken foldwaen, oars soe in fabryk syn eigen grêf dolle. Guon tsizen wurde dan ek boarre. De fabrykslieding is forplichte dat sels to dwaen, oars soene se fan heger hân strafriegels skriuwe moatte, d.w.s. dan soe de tsiis ôfkard wurde troch de Ryktsiiskontrôle. En ôfkarde tsiis komt as sadanich nea yn ’e hannel. It doocht op syn heechst foar smartsiis.

Mar de omwanling fan ’e tsiis troch it fabryk is hjirmei noch net ôfroun. Mei in foech lift giet it nou nei

it tsiispakhús

ta. Yn net út to eagjen rigen lizze de „edammerkes” fan 1,8 kg en de „lytse goudse” fan 4,5 kg hjir op stellingen to wachtsjen, oant hja ryp binne foar ôflevering, nei hannel en konsumint. Miskien docht de skerpe tsiisrook it of miskien ek it amper ûntbrekken fan deiljocht, mar wy moasten yn dizze machtige loads, dêr’t op it stuit 190 ton tsiis opslein is, efkes oan in ûnderierdske grot tinke. Allinne de rêst fan in grot ûntbrekt, hwant hjir en dêr rydt in lorje it smelspoar tusken de stellingen lâns en binne arbeiders drok dwaende mei it omsetten fan ’e tsizen. Né, rêst wurdt it produkt ek yn it fearnsjier dat it hjir forkeare moat, net gund. Wy forlitte nou it spoar fan ’e tsizen en swalkje fierder. As wy it kreaze SKOFTLOKAEL en it WASKLOKAEL foar it personeel biwûndere hawwe, bringt in stapmannich bûtendoar ús by in apart steand gebou, dêr’t



*Hjir stiet de waei yn greate kûpen ré;
't Gielgriene focht dat se de tsiis ûnthellen.
Ek ôfseart wurdt wer foer: it is in pré
Foar roppich biggeguod en toarst'ge keallen.*



*It pakhûs berget mannich kilogram.
De stellings kinne 't wicht mar amper drage.
Soldaten yn 't gelid sa strak en stram
Wachtet de tsiis op tûz'nen minskemagen.*

*It skoftsjend folk skikt by de tafel oan.
Bipluzet in flaubyten tabihearren.
Hjir wurdt de strou net om in aei bidoarn.
In goede grap is altyd oan to hearren.*




*Iepen dy kraen! Wy meitsje ytb're waer!
Nea meije wy oan gruzigens biwenne.
Hwa't him net wasket wurdt it gau gewaer.
Iepen dy kraen út namme fan Hygiêne!*






*Hoe mannich boerefaem op stalt en stap
 Bjint noch de bussen mei ûnsuver wetter.
 Hjir giet it himmeljen steryl en rap:
 De spielmasine docht it frijhwat better.*

*It ôf-en-oanet hjir soms ûren lang.
 De boaten losse en lade, komme en geane.
 Auto nei auto skout four de ûntfang.
 It liet fan d'arbeid heart men wihwearerne.*





*In kunstich brok metael en 't stiet foar neat.
Dy't dit bitocht wie sikerwier gjin knoeijer.
Hwant hwat hjir oankomt yn in floeib're steat
Forlit dit sté as waei- en molkepoeijer.*

de bussespielmasine

opsteld stiet. Hjir soe de boerefammen it wetter om 'e tosken rinne, hwant hjir wurdt masinael bushimmele. In gjalp hjit wetter spuitet de kannen fan binnen sulverskjin. Op in greate draeiskiif steane hja út to lekken en geane neitiid har werompaed nei de boerepleatsen. Yn dit gebou steane ek de greate waeitûnen opsteld, dy't har ynhâld daeglikswi wer ôfjowe oan de sawn molkboaten en de fjouwer molkauto's dy't „De Goede Verwachting” ryk is. En dy soargje dan wer dat it kealle- en bargedrinken by de boer werom komt.

Op wei nei


de poeijermakkerij,

dy't op 't heden net yn gebrûk is, mar dochs as it nypt ûrs 1800 liter grounstof treast is om dêr waeipoeijer en molkepoeijer fan to meitsjen, sjocht men tsjin wil en tank ris by de hege fabrykspiip op. Fjûf-en-fjirtich meter heech is er en dus yn fiere omkriten to sjen. Oan 'e foet fan dizze reus leit

it tsjettelhûs,

dêr't masinist en stoker it biwâld hawwe. Twa greate stoomtsjettels foarmje de hertslach fan it hiele bidriuw. Al it rinnend wurk fan it fabryk, alle arbeid fan de fiif-en-sawntich man dy't „De Goede Verwachting” yn it leanboek to stean hat, hinget op 'en nausten gear mei dit belangrike sintrum.

Grôtfol splinternije yndrukken sit men in skoftsje letter wer foar direkteur Bouma oer op dy syn privékantoar. It liicht der net om en forarbeidzje al dy ympresjes ta in oersjoch dat like glêd en flot rint as it fornimstich ynwindige fan ien fan Fryslân's greate suvel-fabriken.



*Hjir polsket wol it hert fan hiel 't bidriuw.
Sulver it stiel en goud it glêdde koper.
De masinist regearret dit forbliuw
En hâldt syn saken rinnende en proper.*



*Hwat smoutsjend beammeguod om hiem en hear,
It godshûs op in terpke: dat 's Ferwâlde.
Mar hóe bihindich, 't hat syn eigen sfear.
Dat hwa-biennner soe der net fan hâlde?*

YN'T ORANJE EN YN'T GOUD

„Nei dien wurk is it noflik rêsten”.

*Freonen, hjoed is 't feest yn Warkum,
Us fabryk stiet kreas yn 't goud.
Fyftich jier ha wy ús molke
Oan de hearen tabitroud*

Doe't de jouns fan de tredde Oktober 1950 de bigjinrigels fan dit koartswilich lietsje daveren troch de greate tinte, dy't oan 'e Warkumer Stasjonswei oprjochte wie, doe wiene de hûnderten oanwêzigen al daliks yn in blide en tankbere feeststimming. Hwat der to rêdden wie, wist elk yn Warkum en fiere omkriten: hjoed bistiet „De Goede Verwachting” fyftich jier. Hjoed soe de feestbûter dan ris jild jilde!

Kaem it troch it feestlik meïnoar sjongen, troch de kleurige sé fan blommen yn 'e feesttinte, troch it muzyk dat fleurich-op spile, troch de waerme wurden fan mannich sprekker, dat elkenien him fiede as siet er op syn eigen brulloft?

Of kaem it mear fan it fielen: wy binne „meïnoar ien”, dat dit mânske en bûnte selskip fan boeren, boargers en bûtenlju it herte tilde fan blydskip? Grif hat dat lêste op 'e beide feestjounen — hwant twa dagen letter wie it wêr safier! — net swak by spile.

De earegast dêr't alles om draaide wie ommers de geve en hechte fyftiger dy't ûnsichtber yn it formidden siet: „De Goede Verwachting”. En it bistjûr hie ornearre, as it dan wêze moast om dy fyftichjierrige op syn jierdei to earjen, dan soe it ek goed!

Wie dat feit it net mear as wurdich?

Wie it stekkelinkje, dat boerekriich en mienskiplik oparbeidzjen nêst in heale ieu plante hiene, net útwoeksen ta in machtige en breedwreidzjende beam?

Wie krekt dit bidriuw net útdijd ta it greate yn it agraryske Fryslân?

Fansels rekken dy feestjoun gâns sprekkers op 'e tekst oer de dingen út it forline. Yn twa fearnsieu kin der ommers hiel hwat barre. Mar in frjemdling, dy't dizze wurdestream biharke hawwe soe, moast it ek opfallen wêze dat guon it gauris hiene oer in histoarysk barren dat noch tige farsk wie, omdat it noch mar acht dagen forlyn foarfoel.

Hwat dat wie?

Lit ús dêr earst mei in pear koarte wurden by stilstean. Hwant it kin as foarbyld tsjinje dat „De Goede Verwachting” yn syn fyftichjierrich libben namme krigen hat, ek bûten de provinsjegrinzen.

„De Keninginne komt hjir skielk!”

Sa sil direkteur Bouma it mei in blide ûndertoan yn syn stim troch de telefoan syn bistjûrleden meidield hawwe. En it moat foar alle gearre dy't mei de Warkumer koöperaasje anneks binne, in dei fol goede forwachting west hawwe, doe't fan 'e Kommissaris fan

*Hja dy't sa faek as Heechst Gesach fan 't lân
It foarstlik teken hechtet oan ús wetten,
It hage Har mei keninklike hân
Har nomm'le namme yn 't gasteboek to setten.*

de Keninginne yn Fryslân de tati-
ding kaem, de Hege Lânsfrouwe
woe by Har reis troch Fryslân ek
„De Goede Verwachting” mei in
bisiik forearje.

De 25e Septimber 1950 sil dêrom
yn 'e histoarje fan it fabryk mei
goudene letters oan 'e balke skreaun
bliuwe.

De gebouwen yn 'e pinksterpronk
en de flagge oan 'e gevel, dy't de
Hege Gasten in wolkom tawappere.
En doe't de auto mei de kenink-
like standert dêr oan 'e Stasjons-
wei ta defabrykshomeije ynswaede,
moatte direkteur en oanwêzige
bistjursleden it gefoel hawn hawwe
dat hja in histoaryske dei bilibben,
dêr't hja letter pake- en oerpake-
sizzer noch smaeklik fan fortelle
koene.

Fansels hat dit bisiik net lang
duorre. It gie ek sûnder al to
folle útwrydsk fortoan en omstel.

In Keninginne wol troch eigen oanskôging in yndruk krije fan in great suvel-
bidriuw, omdat Hja wit, dat dit ien fan 'e koarken is, dêr't Har Keninkryk op driuwe
moat. En Keninginne Juliana en Prins Bernhard moatte op har kuijer by tsjerne en tsiisbak
lâns grif wol it fêst idé krige hawwe, dat alteast *dizze* koark noch lang net oan it sinken
ta is! De bilangstelling dêr't it keninklik pear alles en noch hwat mei yn Harren opnamen,
seit fan ditoangeande wol genôch. Hja harken fol niget nei de forklearjende wurden fan
de hear Bouma en de oaren dy't Harren rounlaetten.

In gouden dei foar koöperatyf Fryslân en in saek fan hege eare foar „De Goede Ver-
wachting” yn it bysûnder!



Jan
25. Sept. 1950
Bernhard

Hântekeningen fan H. M. Keninginne Juliana en S. K. H. Prins Bernhard yn it gasteboek fan „De Goede Verwachting”.



*De fakman ljochtet hjir de Leken foar.
 Jout útliz oer edammer, goudse, fryske.
 En fan syn lessen giet gjin seurd toloar:
 „Hoe fynt Jins Majesteit sa'n edel tsyske?“*

*Bûter heart thús yn klint en keningsstins.
In mieltyd sûnder sil gjin minske smeitsje.
Gjin wûnder dus dat Keninginne en Prins
Har niget hawwe oan hoe 't se bûter méitsje.*

Dizze eare, in jubilearjend bidriuw fan keninklike kant oandien, sil in goed wike letter de feeststimming yn 'e feesttinte noch forhege hawwe.

En om nei dy tintte werom to kearen: it is ûndwaenlik in feest, dat oant de oare moarns melkerstiid ta duorre, yn al syn ûnderdielen op 'e foet to folgjen.

Hwer soe de ein wêze? Hwant doe't foarsitter D. S. Bokma dy jouns syn iepeningswurd spriek, hie er gâns in rige minsken fan alderhande funksje wolkom to hjitten. En al dy foaroansteande feestgongers hawwe dy kears it wurd hawn! Mar der wie ek foar soarge dat dizze sprekwetterfal nou en dan ûnderbrutsen waard troch hwat oars, hwat lichts en fleurichs. Sa stelde in feestkommisje, bisteande út fiif hearen en twa dames har sjongende oan de mannichte foar. Sa soarge de Rederikerskeamer „Ten Kate” út Ljouwert mei toaniel-sketskes, gûcheltoeren en dounskes foar de nedige ôfwikseling. En in prachtich gesicht wie it, doe't sa'n foech healhûndert jongfammen yn feesttinue op it podium forskynden en mei in spesjael liet to kennen joegen dat hja der foar soargje woene dat it de „brulloftsgasten” dy jounet net oan wiet en droech ûntbrekke soe. Hja songen dat it klapte, dizze bitsjinsters:



*It petsje ôf foar sokke fammensbern!
In redsum, scarber stel en gâns in rige.
Har taek wie lang net licht; hja moasten sjen
Dat elk op 't feest syn wiet en droechje krige.*

*Hjir binn' wy, feestgenoaten, mei ús allen
Wy stelle ús oan jimme foar,
Hwat wy to dwaen ha joun, dat is wol dúdlik,
Nou 't jim ús sjogge meiinoar!*

In tige fleurige noat yn it bûnte programma wie ek it nei foaren kommen fan Gerard Ketelaar en Siebe K. Bokma, twa hearen dy't as echte conférenciers klaeid yn rok, in grappich lietsje foarbrochten, dat makke wie foar dizze gelegenheit troch Wybren Altena en dêr't elk lid fan it bistjûr in freonlik stikeltsje yn krige. It is op in oar plak yn dit boek dan ek to finen, omdat it de sfear fan dit jubileum en de freonskiplike wize fan omgong tusken de leden fan it bistjûr sa aerdich werjowt. Allinne minsken dy't meiinoar stean yn 'e striid foar ien doel, kinne elkoar sokke smoute spytbokkentsjes jaen!

In hichtepunt fan 'e joun wie ek it histoarysk oersjoch dat direkteur Bouma joech oer de forroune fyftich jier. Gâns stof dêrút hawwe wy yn it haedstik „Stap foar Stap” forarbeide. Syn oprop oan de jongerein om it foarbyld fan de âlden foar eagen to hâlden, om wakker to bliuwen yn 'e striid foar koöperaasje en krêft to sykjen yn ienriedichheit, waard dan ek mei in langduorjend hantsjeklappen biantwurde.

In klear biwiis foar de pûrbêste forhâlding tusken direkteur en bistjûr waard jown doe't de Hear Bouma, út namme fan him en syn frou oan de Hear Bokma in nije foarsittershammer oanbea. It wie tagelyk it teken dat der yn 'e kommende fyftich jier yn Warkum spikers mei koppen slein wurde sille!

De rede fan de Rju Eale Hear Russchen, boargemaster fan Warkum, wie in klear en krêftich wurd, dat gjin twivel oerliet, dat dizze biwâldsman de koöperaasje in waerm hert tadraecht. In priuwke dêrfan?

Het sprekke vanzelf, dat het gemeentebestuur ook officieel van haar belangstelling wil doen blijken. Deze industrie is voor de gemeente Workum van zeer grote betekenis en veler wel en wee hangt af van de groei en de bloei Uwer fabriek. Namens het gemeentebestuur feliciteer ik U dan ook van harte met dit gouden jubileum en ik spreek de hoop uit dat tot in lengte van dagen Uw producten gewaardeerd zullen worden als eerste keur. Zal Uw geboorte voor 50 jaar door velen nog als verraad aan het oude boerenhandwerk gezien zijn, thans zullen velen met grote dankbaarheid aan de moed van de oprichters terug denken. Ik hoop dat God het werk Uwer vereniging ook verder moge zegenen, dat alle krachten zich zullen inspannen zowel in voor- als tegenspoed werkzaam te mogen zijn tot voordeel van Uw leden en daarmee tot bloei van onze gemeente. Thans nog een woord aan U persoonlijk, mijnheer Bouma, die gedurende 21 jaren de belangen dezer zuivelfabriek hebt mogen dienen door daar leiding aan te geven. Zonder enige reserve kan gezegd worden dat de goede verwachting, die men ook van U koesterde, niet beschaamd werd. Uw werk blijft niet beperkt tot Workum, ook provinciaal hebt U veel op het gebied van de zuivel gepresteerd.



*Hjoed is 't fabryksbistjûr yn folle fleur.
Fuort mei de soargen en de swiere plichten!
Blier trouwet middenyn de direkteur.
Goede forreaching leit op har gesichten.*



..... krêft sykje yn ienriedichheit...."



..... allegearre hertlik wolkom...."



..... ook provinciaal veel gepresteerd...."

*In tinte fol mei minsken gol en nolk.
Sa giet de wille nea nei de bidelte.
Hoe'n feestlik oansjen al dit fleurich folk:
De boeren-leden mei har oarehelte.*



Het is mij dan ook een groot genoegen U te kunnen mededelen, dat het Hare Majesteit de Koningin behaagd heeft U te benoemen tot Ridder in de Orde van Oranje-Nassau!"

Nei dizze forrassende wurden en ûnder daverjend hantsjeklappen moast direkteur Bouma op it podium forskine en waerd him it hege eareteken troch boargemaster Russchen op it boarst spjelde.

En noch siet der in nije forrassing yn 'e loft. Doe't de klanken fan it Wilhelmus swijden, die de boargemaster to witten, hy hie joun boppedat oan de riddersleine Direkteur noch út to rikken it „Herinneringskruis 1940—1945” fanwegen it Nederlânske Reade Krús. Dit wie de offisiële en ûndûbelsinnige wurdearring dy't dizze ynstelling hie foar de help en it moaije wurk, dat direkteur Bouma yn oerliz mei syn bistjûr yn 'e tsjustere bisettingsjierren en dêrnei dien hie om minsken yn 'e hongergebieten fan Nederlân itende to hâlden. Hy hie dêrby hannele yn 'e geast fan it Reade Krús.

Beide ûnderskiedingen wiene, bihalven foar direkteur, personeel en bistjûr, ek tagelyk bliken fan tank en hulde oan alle leden fan „De Goede Verwachting”.

De boargemaster brocht dat dan ek ûnder wurden, doe 't er tsjin de oanwêzigen sei: „Zie thans Uw directeur versierd met eretekenen. Zijn eer is Uw eer. Zorgt U deze versierselen waardig te blijven!”

Doe hawwe de Warkumer koöperators har hast blierren yn 'e hannen klap! En hja songen helder-op:

*De Wark'mer koöperaesje
Skrept altyd warber mei.
Hja stiet al folle mei foaroan,
Ja, jaek waerd harke nei har toan,
Ja, nei har toan, ja, nei har toan,
Oertink dat bliid dizz' dei!*


*Dêrom hjir op dit gouden feest
Past wol in blide sang.
Oan kant nou alle soarch en noed,
Dat alles stimt ta krêft en moed,
Ta krêft en moed, ta krêft en moed,
Koöperaesje: Libje lang!*

Hoe'n blide glâns blonk net út it each fan mannich boer en boerinne! Hwat sil der net omgien wêze yn it hert fan de âlde boeren-pioniers Mebius Brandsma en Atze Lootsma, de beide iennichsten ûnder de feestgongers dy't „De Goede Verwachting” neist fyftich jier mei oprjochte hiene! It sil harren great west hawwe dat hja dit noch bilibje mochten! En hoe'n stimming en tankbere oantinkens rûzen net troch de seal, doe't de âld-molkfarder Klaas Ketelaar efkes op 'e tekst rekke oer syn reizen mei it molkboat yn earder tiid! Hoe lang wie dy jouns net de rige sprekkers, dy't mei lok- en heilwinsken en mei presintsjes oankamen! It wiene ôffurdigen fan omlizzende susterfabriken, fan boerelienbank en lânboerskoalle, fan Koöperatyf Suvelboun en lânboerskoalle, fan agraryske organisaesjes en fortsjintwurdigers út 'e bûter- en tsiishandel, — al dizzen en noch folle mear, lyk as bygelyks de Hear Feikema, soan fan 'e earste direkteur, krigen foar en nei it wurd.

It wie amperoan fjouwer ûre yn 'e moarntiid doe't foarsitter Bokma's tankwurden troch de tinte rôllen. It Koöperatyf Suvelfabryk „De Goede Verwachting” hie syn gouden



R. HOEKEMA
Foarsitter feestkommisje




G. HEERES
âld bistjûrslid



JOOSTEN
tsiishannel




J. N. WASSEHAAR
foarsitter Boun




BRÖERE
tsiishannel



A. BAJEMA
susterfabrikon



v. BALEN WALTER
Bûter- en tsjiskontrole




J. K. DE BOER
C. B. T. B.




R. H. JONKMAN
Fryske Mij



A. M. BRANDSMA
boerelienbank




JOH. GALAMA
âld bistjûrslid



G. BAKKER
fakorganisaesjes



J. VAN DIJK
bidrûnstieder



K. KETELAAR
âld molkfarder



R. FEIKEMA
soan âld - direkteur



Ds. YBEMA
soan âld - foarsitter

jubileumfeest op in noflike en stylfolle wize fierd. En yn mannich feestgonger sil op wei nei hûs de stille binnendiken fan Wûnseradiel en H. O. N. lâns, noch neiklonken hawwe it luftich feestliet op 'e wize fan Ynskje op 'e Baen:

*'t Meiinoar ien,
Holp mannichien,
Hat foar ús boeren ek o sa'n bult dien.
Hwat waerd ús stipe? De organisaesje!
Hwa wiisde 't paed ús? De Koöperaesje!
't Brocht ús omheech,
Makke ús dreech!
Helle ús boeren alhiel út it leech!*

*Dêrom moatt' wy
Fan ôf dizz' dei
Us Koöperaesje wer tsjinje op nij.
Sa't wy 't ienriedich in heal-ieu nou diene.
Sa't wy de leije yn hannen nou hiene,
Us krêften jaen
Op fierd're baen,
Sa't wy oant nou ta dat plichten to dwaen!*



*In direkteur, forgrize yn 'e tsjinst.
Brocht ôfset en produksje aloan fierder.
Sa'n liedsman is oer alle boegen winst.
Gjin niget dat de Kroan him sloech ta ridder.*




IK BIN JIM FEINT MAR

In praetsje mei de Directeur

„As de feint in feint hat, dan hat de boer twa“.

As direkteur Bouma de bril ôfset, himsels ris oer de foarholle strykt, jin ris op en del oansjocht en dan de mûle iependocht om in antwurd to jaen op in mannich fragen dy't men him stelt, — dan hat it ridlik gau klearrichheit, hjir hat men in man foar, dy't wit fan trochsetten en dy't mei sobere, hifkjende wurden op it stik óanpraet. Wol kin it foarkomme dat de direkteur ûnder sa'n petear ynienen oereingiet, ris hwat op en del rint yn syn privé-kantoar, om justjes letter al pratendewei del to striken op 'e . . . radiator fan 'e sintrale forwaarming!

Dat is nou ienkear sa'n oanwenst fan him. Och ja, hwerom ek net? De bistjûrsleden fan



*Dêr't winen oangean yn it wijdjend reid,
 En 't miedlân tilt fan fûgellûd en blomte.
 Dêr is it plak hwer't Rûsebuorren leit:
 Twa - trije pleatsen pûrluk op 'e romte.*

„De Goede Verwachting”, dêr't er yn dit kantoar mei gearkomt, binne dêr al lang oan wend. In minske' sin is in minske' libben, is 't net sa?

Dat libben fan sines, dêr rekket direkteur Bouma dan nou op ús forsiik efkes oer op 'e tekst. Hy docht dat yn koarte halen en foarse streken. En hy is dêryn in goed koöperator. Hwant stiet by de koöperaasje net altyd it bilang fan 'e *mienskip* op nûmer ien? En biheart it artikel persoansforhearliking, dêr't yn 'e wrâld faek sa'n sleet yn sit, by in wurkmienskip lyk as „De Goede Verwachting” ien is, net ta it ôfeart en de kontrabande? Net dat der yn dat libben fan 'e direkteur in bytsje bard wêze soe dêr't men it mei prattende hâlde kin! As arbeidersjonge út it Fryske Wâlddoarp Weinterp hat er syn paed troch dat libben ommers foar in great part sels fine en ek sels sljochtsje moatten? Hwanear't men as jonge fan sechtsjin jier yn jins bertedoarp as sûpetaper op it hûterfabrykje

bigjint en in foech fearnsieu letter stiet men as direkteur oer ien fan 'e greatste suvelbidriuwen dy't Fryslân hat, dan binne dêr tuskenyn gâns dingen foarfallen, dy't it neamen wurdich binne.

— Jo hawwe it suvelbidriuw dus persoanlik wol fan alle kanten meimakke?

— Ja, dat wol. En ik mien sizze to meijen, soks hat tige syn fôár. Dat is fansels, der moast yn myn jonge tiid tige taset wurde. As myn maten nei setten en pretten tareizgen, dan bleau ik meast by honk. Ien ding hie ik ridlik gau bigrepen, soe it hwat wurde yn 'e suvel, dan moast ik trochkrûpt reitsje yn it hiele bidriuw. Ik hie oan myn direkteur yn Weinterp in learmaster dy't himsels net sparre. Sels arbeide er fan moarns ier oant jouns let en hy mijde ús as jonge bazen ek net. Soks is jin dan as jongkeardel wol ris tsjin 't sin, mar letter slacht men der faek winst út. Dat al ridlik gau waerd ik assistint. Earst yn Boarnburgum en doe yn Aldeskoat.

— Dus de praktyk hat Jo foaral foarme?

— Sa is 't krekt. Doe't ik trije-en-tweintich wie, waerd ik direkteur fan in lyts fabrykje yn Wanneperveen, dus bûten Fryslân. En dat op in jiersalaris fan f 650.—. Ja, ja, sa wie dat doe.

— En dêrwei slaggen Jo mei Warkum?

— O né, earst haw ik noch sa'n tsien jier direkteur west yn De Tynje en dêrnei noch fjouwer jier yn Bartlehiem. Doe hâldde myn kollega Feikema hjir yn Warkum op, omdat er de jierren hie. Dat wie yn 1929, — en ik sollisitearre.

— En Jo krigen de bineaming?

— Ja, en der is my ek wolris forteld hwerom.

De trochslach moat op 't lêst jown ha, dat ik altyd ridlik goed mei de boeren oer 'e wei koe. En dat is yn ús wurk in bilangryk ding.

— Dy goede forhâlding is altyd goed bleaun?

— Prima, earlik sein. En ek de omgong tusken it Bistjûr en my hat altyd wakker noflik en freonskiplik west. Op fêste tiden hâlde wy hjir ús bisprekkingen. En as wy nou prate kinne fan in bloeijend en fleurich bidriuw, dan moat de oarsaek socht wurde by de warberens en tûkens fan it bistjûr. Hwant in direkteur kin noch safolle plannen meitsje en op priemmen sette, as in bistjûr de sliep net út hat en yn 't gat hinget, dan wurdt it neat. Gelokkich hat dy kant fan ús oparbeidzjen de jierren lâns tige yn 'e es west.

— Hawwe Jo nou ek noch persoanlik kontakt mei de gewoane boere-leden?



*D'âld-direkteur koe skraechwurk tritich jier
It jong bidriuw opbouwe en biheare.
Hy sljochte 't paed, in weardich pionier.
De namme Feikema bliuwt heech yn eare.*

— Jawis, en dêr steane wy tige op. It is in ding fan bilang dat ús leden ek geregeldwei de gelegenheit krije hjir op it bidriuw to kommen. It fabryk is op 't lêst harres meiinoar. En in lânhearre dy't nea net ris op syn pleats forskynt, dat doocht net. Yn ús wurk dôch giet der neat boppe persoanlik kontakt, moatte jo tinke.

— Ik ha wolris heard, dat Jou liifspreek tsjinoer de boeren altyd west hat: Ik bin jim feint mar! Dat komt hjir dus wol út.

— Sa hat ús foarsitter D. S. Bokma him doedestiids yn syn feestrede al oer my útlitten, ja. Ik skyn dat wol gauris sein to hawwen. Sa net, dy wurden stean ik foar, al moat ik der by sizze, ik ha dat sechje oernommen fan de hear Ulbe Kooistra, jo witte wol, dy't by syn libben Sekretaris wie fan it Boun fan Koöperative Suvelfabriken yn Fryslân. It is ien fan dy slachwurden, lyk as der yn it koöperative libben mear binne.

— Ha Jo ek net in foaroanplak hawn yn dy topkoöperaasje?

— In koart skoft haw ik ûnder oaren foarsitter west fan it Boun, ja. En ek hawwe se my jierren lang hawn as foarsitter fan ús Boun fan Direkteuren. Mar bistjûrsfunksjes yn pleatslike forienings haw ik my altyd bûten hâlden.

— Wie dat mei sin?

— Sûnder mis al. As ik myn sin siz, dan hat in bûterdirekteur it to folhandich en is syn wurk to ûnbistindich om him yn alderhande pleatslik forieningswurk to jaen en dêr in man út to meitsjen. Immen dy't graech yn 'e gemeenterie wol of dy't oanstriid hat fan 'e polityk moat gjin direkteur wurde, tinkt my sa.

— En dy taek fan bihearder hat foar Jo lang net altyd licht west, tink?

— Och, hwat sil ik sizze. Jo moatte net forjitte, doe't ik hjir kaem wie it paed foar in part al sljochte. De hear Feikema, myn kundige en aktive foargonger, hie winlik it pionierswurk al dien. Njoggen-en-tweintich jier lang hat hy de skouders ûnder it bidriuw set en it mei troch de bernesykten hinne holpen. Hwat ik die, wie: trochbouwe oan syn pryslik wurk. En dêr komt noch in bilangryk ding by. Sûnder de krigelens en de tawijing fan it personeel hiene wy it hjir yn Warkum net rêdden. In bidriuw as ditte, dat foar de konsumpsje arbeidet, freget minsken dy't selsstannich binne en dy't persoanlik forantwurdlikheidsbisef hawwe. En dat is hjir by ús it gefal. Dêr leit it geheim yn fan 'e opgong dy't „De Goede Verwachting” makke hat. Jo moatte it sjen as in úrwurk. Personeel, leden, bistjûr: gjin redtsje kin mist wurde. As it mei ien dêrfan heakket, giet it úrwurk net mear lyk.

— Mar Jo forjitte it wichtige rêd dat Direkteur hjit, weagje wy it op to merken. Hoe wie dat, menhear Bouma, seis, sawn jier lyn, heakke it doe ek wolris?

— O, yn 'e oarloch en sa, bidoele jo? Ja, doe hat it hjir op „De Goede Verwachting” ek wolris foargoed ûnwaer west. Doe't de hungerlijers út Hollân delsetten kamen, ha wy hjir deis wol ris sa'n fjirtich man om 'e doar hawn. Hja krigen by ús altyd in heal poun tsiis de persoan foar de normale priis. Fêst taryf wie dat. Swarte handel ha wy hjir nea oan dien, al gruten de minsken soms fan wòl. Mar it Bistjûr wie der ek altyd fjûr en flam op tsjin. Ek de skipfollen tsiis dy't doedestiids by nacht en ûntiid oer de Iselmar loadst waerden nei it Goai ta en oare plakken, dêr wie gjin ûnske „swart spul” by.



*Eksmoarre is men yn in sucht foarby.
In hurde fleander sjocht it oer de holle.
Mar yn 'e greiden rinne kante kij,
In sieraed foar it each en dat is folle!*

Direkteur Bouma swijt efkes as er de swierrichheden fan dy tsjustere oarlochsjierrren yn 'e geast wer foar him krijt. Mar de help en stoflike stipe dy't hy en syn Fryske kollega's jaen woene oan mannich hongereich minske wie grif in ljochtpunt. Gjin wûnder, dat it Nederlânske Reade Krús letter al dy suvelmannen bileanne hat, mei dizze direkteur in eareteken oer to langjen.

Jawis, as men oer de tweintich jier de deistige lieding hawn hat op in mânsk bidriuw lyk as „De Goede Verwachting”, dan wit men to praten fan swiet en sûr, fan lok en fan leed. En fannijs komme jin dy wurden yn it sin: Ik bin jim feint mar!

Sûnder mis, de Boeren-koöperators fan it Warkumer Suvelfabryk hiene wol minder „feint” ynhiere kinnen as dizze krasse sechstiger, de hear Roel Arends Bouma.

En ik hie grif minder gasthear treffe kinnen. Hwant foar de safolste kear ûnder ús petear skrept de direkteur mei it sigarettedoaske, om my smokende to hâlden.





*Sûnder goed folk forroun de saek allicht.
Der binne guon dy't leare en guon dy't stjûre.
Elk hat syn taek en ken syn plak en plicht.
Wit — as de muorrekklok — fan tiid en ûre.*

DE FORWACHTING NET BISKAMME

„It úrcwurk fan 'e tiden bliuwt net in omsjoch stean”

Forline simmer, op in autotocht troch Skandinavië, stie ik ris op in middei yn 'e bidriuwromten fan in suvelfabryk yn Súd-Noarwegen. De direkteur joech tekst en útliz oer it bidriuw, dêr't hy it bihear oer hie. Wylst myn reisgenoaten mei sawn pear earen harken om út syn sjongsume Noarske wurden de sin en bedoeling op to heinen, naem ik ûnderwilens it himmele fabryksynterieur ris yn my op.

En ynienen moast ik tobekinke oan it Fryslân fan sa'n sechstich, sawntich jier forlyn en oan dy forneamde en sa faek oanhelle boerekofjedrinkerij yn it doarpke Wergea. Dêr waerd ommers de earste grounslach lein fan it gebou, dat Fryske Koöperaesje hjit! Mar hjirsanne, yn dit Skandinavië, stiene doe al de ljochtsjende foarbylden, de fabriken, dy't dat gebou ta bistek en tekening tsjinnen!


De koöperative idé is út 'e need fan 'e tiden to wrâld kommen. Yn 'e fûle krisis fan 'e tachtiger jierren, doe't de boerestân djip yn 'e nederklits siet, doe't der boerepleatsen forpatst waerden foar in pear klompen en doe't de Fryske bûter yn Ingelân mar gjin jild jilde woe, omdat Denemarken en ek Bretagne in better en evenrediger produkt leveren troch har masinale fabrikaezje, — doe briek yn mannich Frysk boerehert it bisef troch: it moat hjir ek oars!

En nei it foarbyld fan Skandinavië kamen hjir to uzes njonkelytsen ek bidriuwen, dy't de molke net mear nei de âlde hantwurkmethoade forarbeiden. Hjir en dêr op it Fryske plattelân bigounen fabrykskoarstiens to rikjen. „Bûterfabriken” waerd de folksnamme, alhoewol't se ek tsiis makken.

Mar doe't ûnder de boeren ek de meast bihâldsuchtige tsjinstanner ynseach dat it op masinael forarbeidzjen fan 'e molke oan moast, doe kaem al ridlik gau in twadde fraech opdûken: hoe moat de foarm fan organisaesje, hoe moat de opset wêze? Ek dy fraech wie út need berne.

Hwant gâns partikulieren seagen hjir winstkânzen lizzen en stichten op eigen manneboet sa'n fabryk. Ek Warkum wit dêr fan mei to praten. Foar de tûksten ûnder dy ûndernimmers waerd it al moai gau in fetpot. Hja koene ommers mei de molkprizen dwaen hwat hja woene? It die him dan ek wol foar, dat partikuliere fabrikanten de iene boerepleats nei de oare opkochten.

It lit him forstean, dat foaral dy boeren dy't fierder seagen as har noas lang en har hiem great wie, soks mei ûlseagen acht sloegen. Hoe moast it komme, as skielk de fabryksûndernimmer net allinnich alles oer produkt en opbringst to sizzen hie, mar ek noch as lânhearre de boer alhiel oan him wist to binen? Soe Fryslân dan net in boerestân krije bisteande út setmeijers en molkfeinten? Hwa soe op sa'n manier noch sin en nocht hawwe oan buorkjen? Wie de boerestân net dwaende yn it finânsiële, mar ek yn it soasiael-ekonomyske syn eigen grêf to dollen?



*Ticht oan 'e mur lei cartiids Parregea.
In sompich oard fan fiskertju bifolke,
Hweert wetter icie, stean' nou de reakken hea,
En 't kouwejaer jout boppestebêste molke.*

Troch mannich boerebrein ek om Warkum hinne gyngen doe tsjustere tinzen. Oan mannich boeretafel wie it pessimisme great en de forwaching min.

Mar doe hat it Skandinavyske foarbyld as in weitsrop wurke, dy't fan hiem ta hiem oer ús Lege Lânnen rôlle! Wiene dêrre — yn Denemarken, yn Sweden — de boeren net gearstapt yn selsbistjûrende forienings, dy't it suvelmeitsjen sêls yn hannen hâldden? Hwat dêr wol koe, soe dat hjir net kinne? De boer moat sels de leije ha! En in nij wurd waerd tafoege oan 'e taelfoarrie fan 'e Fryske boer. Koöperaesje! It wie earst hwat in nuver en ûneigen wurd yn boeremûle, mar it krige hoe langer hoe mear in fêste ynhâld. En as in learaer oan in lânboerskoalle op 't heden oan sa'n fjirtich greidboerssoannen freget, hwat dat wurd eins letterlik ynhâldt, dan . . . antwurdzje allinne de skerpsten fan „samenwerking” of „meiinoararbeidzjen”! De oaren witte it net. In biwiis fan ûnkunde? Né, folle earder blykt hjirút dat koöperaesje foar ús boerejongerein in fêst en hiem bigryp wurden is, sadanich forgroeid mei it hjoeddeiske boerebistean dat de letterlike bitsjutting har suver ûntkommen is. Wy witte ommers ek net mear dat it wurd *hynder* fan „*hyngst-dier*” komt? Of it wurd *handels-skod* fan „*hoarn-dier-skod*”?

Lykwols, hwat foar ús gewoan is en fansels sprekt, dat wie foar dy pioniers fan in heale ieu forlyn in striidrop. Tsjin alle smeulske krytyk fan pessimisten en lêbbers yn stelden dy trochsetters har positive died! En dy died neamden hja yn Warkum: „DE GOEDE VERWACHTING”.

Dy forwaching fan ús foarfjochters is net biskamme! It Warkumer koöperatyf suvelfabryk leit dêr oan de âlde Hoarse as ien fan dy monuminten fan boere-ynitiatyf en boerekriich. Op 1 Maeije 1950 stie dit geve bidriuw op 'e balâns foar . . . ien goun! Mar de poalis fan 'e brânforsekering, dy't feilich forskûle leit yn 'e klûs fan it fabrykskantoar, wiist in wearde oan fan ien miljoen twa hûndert tûzen goun! En de jierlikse produksje komt de lêste jierren de tweintich miljoen kilo molke al to boppen!

Fan 'e âlde fabryksgebouwen út 1900 is nou sa goed as neat mear oer. Alles is yn 'e rin fan 'e jierren forgreate, forboud, modernisearre. Mar ien ding is nei in heale ieu yn Warkum net foroare en mei yn 'e takomst net foroarje: it koöperative bigjinsel! Dat bigjinsel, fuortkommen út ekonomyske needsaek en maetskiplik ynsjoch, libbet ûnder de boereliden fan 'e Warkumer koöperaesje as in hart. Soe dat forlern gean of troch sleur en sleauwens forslopje, dan wankten de boerestân fan Fryslân greate gefaren.

Dêrom moat ek in boerejongerein warber bliuwe yn dit stik fan saken. Hja mei har út noch yn net passyf deljaen op resultaten, dy't de bouwers fan doedestiids foar har biskrept hawwe. Litte de wurden, dy't direkteur Bouma sprutsen hat op it jubileumfeest harres wêze:

Alles is noch net sa't wy it graech sjogge, mar wy moatte danich yn 't spier om ek dat to foroarjen. Mar foarst sille wy bisykje moatte to hâlden hwat wy hawwe. De takomst liket net al to gunstich en miskien krije wy 't strak allegearre minder, mar dan is it de taek fan 'e organisaesjes to soargjen, dat de klappen foar de boer net hurder oankomme as foar oaren.

It is dochs nedich fuort to farren op 'e wize, lyk as wy it nou fyftich jier dien hawwe.



*Noch rint de sciere dyk om 't lytse Gaest.
En 't wit him feilich yn syn trouwe hoede.
In soarchsum freon as de súdwester blaest,
In tsjügenis fan ieuwen, kweade en goede.*

Wy steane sterker as yn 1900, mar wy moatte der rekken mei hâlde, dat ek de partikuliere ûndernimmer, dy't op sa'n lyts plakje torjochte kaem is, bisykje sil syn forlies wer yn to heljen. Hja sykje ek har krêft yn in sterke ûnderlinge organisaesje. En boppedat hawwe hja foar in diel al de stipe fan bûtenlânsk kaptael ynroppen. Bliuwt de ienriedichheit bistean en foaral, hâldt de jongerein it wurk fan 'e âlderein goed foar eagen, dan kinne wy de takomst fan „De Goede Verwachting” mei moed en bitrouwen de komende fyftich jier tomjitte gean.”

Sjoch, sokke wurden wize in wei. De wei NEI KLEARDER KIMEN!

Fan dy moed en dat bitrouwen tsjûget ek de spreuk op 'e muorrepanne dy't by it 50-jierrich jubileum oan alle leden fan it fabryk útrikt is en dy't nou yn mannich boerekeamer om Warkum hinne oan it lewant pronket:

*Goed is de forwachting mar goed ek it lean,
Dêr't boer en febryk as ien wit to stean.*



*Twa boeresjongers fan it goede ras.
Hwa soe net om har brike setten laitsje?
Stiet har de streekjebroek en klaeide jas
Net like kreas as kile en boksebaitsje?*

FEESTSANG FOAR BISTJUR EN LEDEN

Tekst: Wibren Altena

Wize: It Heitelân

Freonen, hjoed is 't feest yn Warkum.
Us fabryk stiet kreas yn 't goud.
Fyftich jier ha wy ús molke
Oan de hearen tabitroud.
Dêrom, boeren, feestgenoaten,
Moatte wy, dat komt har ta.
It bistjûr fan de „Forwachting“
Joun ris by it jaske ha.

Earst Hear BOKMA dy't as praeses
Och sa graech de boel bistjûrt,
Earst wie 't hwat in wille sprekker
Mar dat kaem wol... dûmnys bloed!
Hy is ek noch tuskenmantsje
Foar de pacht en foar de hier.
As hy baes bliuwt gean' wy feilich
Rjocht-út nei de hûndert jier!

TYSMA is syn trouwe helper,
Praet hiel flot en tige graech,
En dat moat wol, hwant hy regelt
Ek it molkjild mei Den Haech.
Hy is yn syn dwaen en litten
Krekt sa'n echte „heareboer“.
En dat mei Den Haech wol lije,
Likegoed as it Bistjûr.

VAN DER ZIJPP is sekretaris
En dat is gjin apekoal.
Alles regelt en biskriuwt er:
Molke, droege gers en moal.
Lyts fan stik, mar great yn dieden
Docht er jimmeroan syn bêst.
O, as hy allinne baes wie
Dan hie alles „Frico“ wêst!

GORRIT KETELAAR, hark efkes!
Né, wy sill' 't foarsichtich dwaen,
O sa koart en neat riskantich
Sill' wy Jo ús hulde jaen.
Koart en saeklik as Jo binne
Rjocht en sljocht en dreech en wis,
Bringe wy Jo tank en care
Dy't sa lang al jowes is.

SCHRALE, tûke boer fan Skuzum,
Dy't fan warbrens draeft en fljocht.
Is nou winliks ek bistjûrslid,
't Foel net ta, hy woe net rjocht!
Dizze man forslacht yn saken,
Komt dus oeral krekt to let.
Freegje Sinteklaes in auto,
Schrale, feon, dit kin sa net!



WESTENDORP, in mûnske keardel
Op syn pleats en yn 't Bistjûr,
Is as 't treft sa fluch sa wetter,
Dêr bistean forhalen oer.
Sa sprong hy ris út 'e trein wei
Yn 'e oarloch as wie 't neat.
Ea to Ljouwert sprong er ienris
Sa mar oer in iepen feart!

VAN DER VALK, ús nij bistjûrslid
Fan Eksmoarre op 'e klai,
Sit gefaerlik yn dy hoeke
Mar dêr rêdt er him wol mei.
Ja, lit Van der Valk mar rinne,
Steech en dreech en stadihoan
Bringt hy de „Forwachting“ dêre
Sûnder mis aenst op 'e troan.

Dan de Direkteur, Hear BOUMA,
Ja, dat is de man oan 't roer,
Hy is hear en baes fan alles,
Mar... syn baes dat is 't Bistjûr!
Earlik, iepen fan karakter,
Nimt er elke hindernis,
Oft dat nou yn 't sakelibben
Of by 't autoriden is!

't PERSONEEL, krijt ek in plonke
Altijd warber ier en let,
Snipperdagen? Né, net nedich!
Lean is bysaeck, 't giet om 't fet,
Wrotte, klauwe, aveseare,
Fleurich sin, altyd gelyk,
De „Forwachting“ moat floareare,
Altyd heger „ús fabryk“!

Sa sil dan ús slútwurd wêze,
Hulde en care oan 't Bistjûr,
Direkteur, fabryksarbeiders,
Klinke ús lof ta harren oer,
Libje lang noch, drege mannen,
Bliuw noch jierren soun en blij,
Hwant Jim binne de „forwachting“
Fan ús Fryske buorkerij!

LU DEN FAN IT JUBILEUMFEEEST 1950

In lyts priuwke

Yn njogentsjehûndert, bigjin fan it jier,
Op fiif Jannewaris, to witten,
Doe ha, fan moarns tsien oant fjouweren ta
De mannen dreech byinoar sitten.

Hja praetten, hja tochten, hja stinden miskien
Om 't spul foar mekoarren to krijen,
Mar och, in pear boeren dy seagen hwat spûk
En dat brocht de saek yn it lijen.

Twa boeren dy seine: Wy dogge 't mar net,
Hwant, mannen, grif krije wy spyt,
En tink om ús sizzen, as 't trochgiet, wolnou,
Dan reitsje w' ús molke net kwyt!

Twa boeren mar! 't Skeelde har krekt fyftich kij!
Lykwols ha de oaren forklearre:
Dat spekulative fabryk binn' wy treast!
En sa waerd de akte passearre.

Dat wie yn dy dagen in died fan komsa!
Hja wiene fan 't gearkommen wurch.
Mar hiene 't biwiis jown: Wy ha meimekoar
Gjin waei yn 'e bonken, mar murch!

En woe, sa't men tocht hie, dat oare fabryk
Fan har fuort gjin molke mear ha.
Hja laken en tûgen in trije fearnsjier
De molke nei Koudum doe ta!

Sa sjocht men: hwa't trochset, de kop hâldt der foar,
Dy krijt op 'en dûr wol syn sin.
Dat hâldt! Hwant de Koöperaasje biwiist
Hwat men meimekoarren wol kin!

De kroan op it wurk wie it suvelfabryk
En „De Goede Verwachting” syn namme.
Foar Jim dy't hjir sitte in inkelde fraech:
Waerd ea dy forwachting biskamme?



Haw Jimme as boeren mei Jimme bistjûr,
Mei Jim direkteur, personiel,
Net stichte in saek fan komsa, der't Jim sels
Oan hingje mei hert en mei siel?

Hat fier bûten Fryslân Jim namme gjin klank?
Of hat it dan soms ek gjin sin,
Dat Warkum it reisdoel foar 't bûtenlân is,
Foar Frânskman, Belch, Noar, Sweed of Fin?

As Dútsker en Ingelskman komm' op Jim ta
Hwannear't se mei fraechstikken sitte,
Dêr't Jimme yn Warkum op Jimme fabryk
Al folle it antwurd op witte?

En is it soms tafal dat ús Keningin
Yn Warkum „De Goede Verwachting”
Bisiket en blyk fan bilangstelling jowt
En dêrmei dus ek fan Har achting?

Né, freonen, Jim drage mei eare de kroan
Fan fyftich jier bodzjen en stribjen.
En 'k winskje de fyftiger, jeuchlik en hecht,
Yn langte fan dagen to libjen!



*Ticht oan 'e mur lei eartiids Parregea.
In sompich oard fan fiskerlju bifolke.
Hwer't wetter wie, stean' nou de reakken hea,
En 't kouwejaer jout boppestbêste molke.*

C O L O P H O N

De tekst fan dit jubileumboek is skreaun troch D. A. Tamminga, de foto's binne makke troch H. A. Rollema en F. C. D. Popken en de greate yllustraesjes binne tekene troch Bouke van der Sloot. De forsoarging fan dit boek waard opdroegen oan „Drukkerij Bouman” to Ljouwert, dy't de lay-out, it bânûntwerp en de lytse yllustraesjes forsoargje liet troch it „Reclame Adviesbureau Bouman” en de tekst set hat út de „Monotype-Bodoni”. It boek waard printe op houtfrij kunstdrukpapier, dat levere is troch de „Nederlandsche Papierhandel” to Amsterdam. De kliché's binne makke troch de „Algemeene Cliché Industrie” Amsterdam en it bynwurk waard útfierd troch de „fa De Jong & Co” to Ljouwert.

De tekst van dit gedenkboek is geschreven door D. A. Tamminga de foto's zijn gemaakt door H. A. Rolma en F. C. D. Popken en de grote illustraties zijn getekend door Bouke van der Sloot.

De voorkant van dit boek werd opgedragen aan „Drukkerij Bouman” te Leeuwarden, die de lay-out, het bindwerk en de kleine illustraties verzorgen liet door „Reclame Adviesbureau Bouman” en de tekst gezet heeft in „Monotype-Bodoni”.

Het boek is geprint op houtvrij kunstdrukpapier, dat geleverd is door de „Nederlandsche Papierhandel” te Amsterdam. De kliche's zijn gemaakt door de „Algemene Klisché Industrie” Amsterdam en het bindwerk werd uitgevoerd door de „fa. De Jong & Co” te Leeuwarden

